

Begruttingswiziging Provinsjale Steaten
Behanneling by 2e berap 2022

Programma: 5 **Mienskip**
Underwerp : V B 38 Bestedingsritme Taal
Taakomscriuwing: Taal
Kategory ZBB: Kerntaak smal en breed

Taljochting:

Dit budzjet bestiet út meardere ûnderdielen:

Beliedsmjittich is de tarieding fan de útjeften foar *Sichtberens fan it Frysk* goed trochsetten fan út 2021 nei 2022. It docht bliken dat troch de ôfstimming en tarieding fan de útfiering fan it belied it net wis is oft it hiele budzjet wurklik bestege wurde yn it twadde part fan 2022. Dêrom stelle wy út it grutste part (€ 175.000,-) fan it noch beskikbere budzjet troch te skowen nei 2023.

It trajekt om te kommen ta *fernijde kearndoelen (Curriculum)* foar de Fryske taal en kultuer foar it primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (foech fan PS) wurdt ôfstimd mei it lanlike trajekt foar de oare leargebieten (foech fan it Ryk) om sa gearhing yn de úteinlike kearndoelen en dêrmei it folsleine ûnderwiisoanbod te realisearjen. Troch it demisjonêr reitsjen fan it kabinet hat it lanlike trajekt yn 2021 fertraging oprûn. Dat hat ek fertraging foar it Fryske trajekt fan gefolgen hân, ommers der wie gjin gearwurking en ôfstimming mooglik. Hoewol't der nei de formaasje fan it nije kabinet wer stappen set wurde, is de krechte planning fan it trajekt noch hieltyd net skerp. Wol is der geregeldwei oerlis tusken de provinsje, SLO (útfierder foar it Ryk) en Cedin (útfierder foar de provinsje). PS is yn jannewaris 2022 ynformearre mei brief 01954431. Yn ôfstimming mei de útfierder fan de provinsje is it foar de finânsjes de ferwachting dat it grutste part fan de útjeftes fan ôf 2023 dien wurde sille. Dêrom stelle wy út it grutste part (€ 179.800,-) fan it noch beskikbere budzjet troch te skowen nei 2023. Fan dit budzjet rint de budzjetperioade al o/m 2024 (rintiid Nij Poadium).

Fanút it budzjet *Taalbelied 2021-2024* wurde de ambysjes 7 A/B/C út de beliedsnota Nij Poadium betsjinne. De útfiering fan aksjes dy't middels koste, rint neffens de planning, mar de besteging fan dizze middels hat in oare ferdieling krigen neffens de lêste ynskatting binnen de rintiid fan it budzjet. Dêrom stelle wy út € 250.000,- fan it noch beskikbere budzjet troch te skowen nei 2023.

Utstel:

Neffens ûndersteande tabel it bestegingsrimte fan it budzjet Taal mei € 604.800,- oan te passen. De wiziging ferrint budzjettêr neutraal fia de reserve tydlike budzjetten.

Eksploitaasje

Progr.	Omskriuwing	2022	2023	2024	2025	2026
Lasten						
5	Mienskip	-604.800	604.800			
	Reserve tydlike budzjetten					
	Foarming fan reserve	604.800				
	Totaal lêsten	0	604.800	0	0	0
Baten						
	Reserve tydlike budzjetten					
	Beskikking oer reserve		604.800			
	Totaal baten	0	604.800	0	0	0

Reserves/foarsjennings/oerrinnende passiva

Progr.	Omschrijving	2022	2023	2024	2025	2026
Lasten						
	Reserve tydlike budzjetten					
	Beskikking oer reserve		604.800			
	Totaal lasten	0	604.800	0	0	0
Baten						
	Reserve tydlike budzjetten					
	Foarming fan reserve	604.800				
	Totaal baten	604.800	0	0	0	0